

31 december 2009 , pag. 11

'Dy 21 meter wie it belangrykste fan it NK'

De 24ste augustus van 2009 blijft voor Bart Helmholt en de hele fierljepwereld een uiterst memorabele dag. De Burgumer werd in Jaarsveld Nederlands kampioen met een nationaal record van 21.01 meter. Helmholt vertelt zijn eigen verhaal van die dag en kijkt ook al stiekem vooruit naar 2010.

Door Edwin Fischer

,It wie in dei mei hiel frjemde gefoelens op 24 augustus. Ik gong nei Jaarsveld ta om Nederlânsk kampioen te wurden. It grutte doel fan it seizoen, om 21 meter te heljen, hie ik út 'e holle setten. Want dêr komt op sa'n dei net mear foar, dan giet it om de titel.

Komst op 'e akkommodaasje aan en dan sjochst dat der in hurde wyn stiet. Net hiel noflik dus. Mar dan springst dyn earste sprong en merkst dat de wyn net sa botte slim is, mar hast

yn it foardiel. Om yn dyn lêste foarrûndesprong stil stean te bliuwen tidens it klimmen en ynienen 20.99 te springen.

Bist hiel bliid, mar tinkst ek fuort oan dy iene sintimeter te min. En dan begint it neimijitten. Dat hat wol fiif minuten duorre en dat wiene hiele lange minuten. Dan giest tinken: der bart wat. Komt der wat by of giet der wat ôf? Mar kin dat wol, want it mijitten giet digitaal en ik hie altyd it gefoel dat neimijitten dan net noadich is.



Bart Helmholt
op weg naar
zijn fenomenale
nationale record
van 21,01 meter.

Foto Martin de Jong

It rumoer op 'e bulte begjint. De minsken ha it der oer en dan tinkst hiel foarsichtich oan dy 21 meter. Want ik koe my net foarstelle dat der wat fan dy 20.99 ôf gean soe. Omdat der by al myn foarige rekords ek noait wat ôfgien is. As dan dy 21.01 op it boerd komt te stean, leauwst it fuort net iens. Noch altyd omdat dat digitaal is.

Se ha my nei dy tiid útlein dat it kaam omdat it mijtapparaat yn it sânbêd by de jongesskâns stie. It wie in hiel lys bytsje ferskoed omdat de jonges dêr ticht by del kamen. Ien millimeter skelet sa mat in pear sintimeter. Dat wie no yn myn foardiel, al is dat natuurlik noch altyd hiel frjemd dat myn persoanlike rekôrd op 20.99 stiet en it Nederlânsk rekôrd op 21.01. Ik ha dat witte faak besocht út te lizzen oan minsken, mar net ien dy 't it snapt.

Dat wie ek in frjemde gewaarwurding. Tocht datst der fan ôf wiest, dat ferskyl yn ôfstannen by in rekôrd. Mar nee, sels yn it digitale tiidperk hast it noch. Dat ik dochs dy 21 meter helle hie, wie wol it belangrykste. Ik hie oait yn myn junioaretitel mei ien ôfsprutsen dat ik oer dy grins hinne gean soe. Dat wie doe nearne op basearre, mar doe kaam de karbonpols en siet ik al nei twa seisoenen oer de tweintich meter. Doe wist ik ek dat ik gijn dream bliuwe soe.

It hat my ek ekstra motifeard. Want ik tink net yn sintimeters, mar wol yn it meisjeen fan gruttere stappen. Dus gijn 21.02 of 21.03 springe. Ik tink foar it kommende seisoen oan 21.20. Nee, 22 meter is net helber. Net mei dize polsingte fan 13.25 meter. En persoonlik soei ik de stoklinger ek net fier jaan. Mei myn 96 kilo fyn ik it no al hast net meer te dwaan. It lichem krijt sokke hurde klappen. Nei it rekôrd ha ik noch twa dagen spierpine hân. Dus ik wit ek net hoe lang ik it leppen noch folhâde kin.

Dêrom is it Frysk kampioenskip yn 2010 ek it belangrykste foar my. Ik ha dy titel no twa kear op in rige wün en as ik de sulveren pols definityf ha wol, dan sil ik him no wer winne moatte. Want fiif kear yn totaal Frysk kampioen wurde sjoch ik myselfs net mear dwaan."